




Stimme: hoe wurket dat?

Op tongersdei 6 juny binne de ferkiezings foar it Europeesk Parlemint. De stimlokalen binne iepen fan 7.30 oant 21.00 oere. Sjoch op waarismijnstemlokaal.nl foar de plakken dêr't jo stimme kinne.



1 Jo krije in stimpas

Uterlik tongersdei 23 maaie krije jo jo stimpas. Hawwe jo gjin stimpas krigen of binne jo jo stimpas kwyt? Freegje dan uterlik woansdei 5 juny 12.00 oere in nije stimpas oan by de gemeente.

2 Jo kieze in kandidaat

Betink yn it foar op hokker kandidaat jo stimme wolle. Jo krije thús in oersjoch fan alle kandidaten dêr't jo op stimme kinne.

3 Jo geane nei it stimlokaal

Nim jo stimpas en identiteitsbewiis mei. Dat kin in paspoart, rydbewiis of identiteitskaart wêze. Dit identiteitsbewiis mei maksimaal 5 jier ferrûn wêze.



4 Kinne jo net sels nei it stimlokaal?


Dan kin in oar foar jo stimme. Folje de efterkant fan jo stimpas yn. Jou jo stimpas en in kopy fan jo identiteitsbewiis oan de persoan dy't foar jo stimme sil.

5 Yn it stimlokaal

Op it stimburo leverje jo jo stimpas yn. Lit ek jo identiteitsbewiis sjen oan it stimburolid.

6 Jo krije in stimbiljet

Op it stimbiljet steane alle listen (politike partijen) dy't meidogge oan de ferkiezings. Ek steane hjir alle kandidaten op dêr't jo op stimme kinne.



7 Yn it stimhokje

Mei it stimbiljet en in read potlead geane jo it stimhokje yn. Dat dogge jo allinnich. Hawwe jo in lichamlike beheining en dêrom help nedich by it stimmen? Dan mei der immen mei om jo te helpen.

8 Jo kleurje ien fakje read

Kleurje it rûntsje yn foar de namme fan de persoan dêr't jo op stimme wolle. Jo kinne it stimbiljet ek leech litte. Dat hjit blanko stimme.

9 Leverje jo stimbiljet yn

Doch it stimbiljet yn de stimbus. Jo hawwe jo stim útbrocht. De útslach is moandei 10 juny bekend.

Mear ynformaasje?

Sjoch op de website fan jo gemeente of op elkestemtelt.nl.

Elke **stem** telt